




GEMEENTE
NOARD
EAST FRYSLÂN

Lesbrief by Tsjil oer it lânskip yn Noardeast-Fryslân



Foarwurd

Yn dizze lesbrief fine jo lessuggestjes, trochferwizings en ekstra eftergrûnmateriaal dy't jo brûke kinne by de Tsjil oer lânskippen yn Noardeast-Fryslân. It is gjin ferwurkingskatern sa as jo miskien by it tydskrift Linkk wend binne mar bedoeld as stipe foar de learkrêften/dosinten. Wy hoopje dat jo mei dit ekstra lesmateriaal goed út 'e fuotten kinne. Binne der fragen, dan kinne dy steld wurde fia tsjil@cedin.nl.

Yn de maitiid sille der ek speurtochten online komme, dy't mei de klasse of thús mei famylje of freonen fytst wurde kinne. Der sil in speurtocht útset wurde yn fjouwer hoeken fan de gemeente. As it safier is, sil dit fia e-mail bekend makke wurde. Dizze speurtochten sille tsjin dy tiid te finen wêze op de webside: www.noardeast-fryslan.nl/landschapsbiografie

Redaksje Tsjil NEF

4. Gedicht

Elk jier wurdt de foardrachtswedstriid 'FeRstival' organisearre. Der binne al hiel wat bekende Friezen grut wurden neidat se oan FeRstival meidien hawwe. Op de side www.ferstival.frl steane in hiel soad moaie gedichten. Miskien kinne jim wol in foardrachtswedstriid yn de klasse hâlde?! It gedicht op side 4 kin foardroegen wurde mei ûndersteande tips.



Wolle jim sels gedichten skriuwe? Sjoch dan ris op <https://www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl/gedichten/>.

Op dizze side fynst ynformaasje oer de poëzywike en it katern 'de inktfluencer'. De boekjes (en soms ek filmkes) binne fergees te downloaden en kinst sa brûke yn de klasse.

5. Sjoch my

Op side 5 fan Tsjil stiet in ynterview mei Menthe, ús berneboargemaster. Hjirûnder stean in pear opsjes om te brûken yn it ferfolch fan dyn les, nei it lêzen fan it ynterview.

Taal yn byld

It is foar learlingen ek moai om harren âlden/fersoargers te ynterviewen. Mei it ynterviewblêd dat yn it katern fan 'Taal yn byld' stiet, kinne bern de âlden/fersoargers freegje nei oantinkens út harren bernetiid. Hokker ferske of gedichtsje is dy by bleaun, wat fynsto in moai wurd of in moaie sin? Al dy 'taalskatten' wurde yn de klasse sammele en kinne bepraat wurde yn de klasse. Yn it katern fan Taal yn byld stiet it allegear beskreaun. It soe hielendal moai wêze om dy moaie wurden en sinnen op in poster te skriuwen (leafst yn meardere talen) en it gehiel moai te fersieren ta in echt keunstwurk. Sa krijst echt taal yn byld want alle (thús)talen dogge der ta!

Mear ynfo en it boekje mei it ynterviewblêd is te finen op:

<https://www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl/taal-yn-byld/>

Fryske sporten

Op de amtsketting fan Menthe binne foarwerpen út Fryske sporten te sjen. Sporte is fansels sûn mar ferbynt ek nochris. Sport en muzyk kinst hast wol sjen as de lym fan de mienskip. De minsken komme mei in sport by inoar. Der wurdt nei inoar omsjoen, der wurde ferhalen ferteld en der wurde feesten fierd by de sportklups. Hoe moai is it dan om de bern yn Fryslân waarm te meitsjen foar sport?

Op de webside <https://sportfryslan.nl/project/fryske-sporten/> binne der allegear mooglikheden om in tal fan Fryske sporten tagonklik te meitsjen foar skoalbern.

Fryske flagge

Op de amtsketting fan Menthe is ek in Fryske flagge te sjen. Fansels binne der in hiel soad flagge-fariaasjes yn ús provinsje te finen. Op Omrop Fryslân kinst der in filmke oer sjen. Ek op wikipedia is der in soad oer te lêzen. De eksperts binne it net altyd iens oer de komôf fan de flagge mar wat wol wis is: Op de Fryske flagge binne wite en blauwe streken te sjen, mei dêrop sân reade pompeblêden.

Ynfo oer pompeblêden: <https://nl.wikipedia.org/wiki/Pompebl%C3%AAd>

Filmke Omrop Fryslân: <https://www.youtube.com/watch?v=0Pw8pvHgwqA>

6/7. Koart ferhaal Pingo

It ferhaal, skreaun troch skriuwster en antropolooch Anne-Goaitske Breteler fan Moddergat, is fiksje. Dochs is it ferhaal wol basearre op in bysûnder natuerferskynsel yn Noardeast-Fryslân; de pingoruïnes. It wurd pingo betsjut yn it Inuit (de taal fan de Eskimo's) iisheuvel dy't groeit.

Hjir is in linkje nei in filmke oer pingoruïnes yn it Fryske lânskip:

<https://binnenstebuiten.kro-ncrv.nl/buitenleven/video/pingo-ruines-friesland>

Wolle jim der op út of júst de natuer yn 'e klasse helje? Nim dan kontakt op mei NME de Klyster yn Damwâld.

Leskisten: <https://www.klyster.nl/fy/lesmateriaal-te-lienen/>

Aktiviteiten: <https://www.klyster.nl/fy/aanbod/>

8/9. Tsjek dit!

- **Bylden:** Mear witte oer de wjirmdolster, de fiskersfrou, de skiep yn Burdaard of oare wurken fan Hans Jouta? Sjoch op: <https://jouta.nl/>
- **Terp:** Mear witte oer terp Hegebeintum, it besikerssintrum of Harsta State mei bysûndere stinzeplanten? Sjoch op: <https://www.terphegebeintum.nl/>
- **Fleantúch:** Troch Omrop Fryslân is in artikel skreaun oer de fleantugen dy't opgroeve waarden ûnder de seedyk wei. Sjoch op:
 - * <https://www.omropfryslan.nl/fy/nijs/16638125/loftmacht-graagt-gat-fan-100-meter-yn-fryske-seedyk-foar-berging-ald-fleantuch>
 - * <https://www.omropfryslan.nl/fy/nijs/16696193/wetterskip-docht-wat-it-eins-net-wol-de-seedyk-iepenje-foar-in-bysundere-berging>

Jim kinne hjir op in petear op fuotten hâlde: set alle learlingen yn 'e midden fan de romte (in lokaal kin, in mear iepen romte is noflike). Beneam in tal fan stellingen. Is in learling it der mei iens, dan giet hy/sy op links stean, is in learling it der net mei iens dan giet hy/sy op rjochts stean.

Foarbylden fan stellingen:

1. De seedyk mei nea ôfgroeve of ûnderbrutsen wurden, wat der ek ûnder leit.
2. It delstoarten fan dizze fleantugen is no al sa lang lyn, der hoege wy gjin omtinken oan te jaan.
3. It is wichtich de seedyk goed te ûnderhâlden en yn 'e gaten te hâlden.
4. Ik bin eins wol nijsgjirrich wat der bart as der gjin seedyk mear is.

10/11. Heech wetter

Boeketip foar learkrêften/dosinten:

It ferhaal ‘heech wetter’ is skreaun troch Willem Schoorstra fan Ternaard. Hy hat boeken skreaun dy’t mei Fryslân te krijen ha. Syn nijste boek, Ferburgen Fryslân, is twatalich (Frysk en Ingelsk) en lit dy Fryslân op in hiele oare wize sjen. Hiel nijsgjirrich om spoaren út it ferline te finen yn dyn wenomjouwing.

Ûndersykskaart

Strúne yn eigen omjouwing

Om de bern yn ‘e kunde komme te litten mei harren omjouwing kinst mei se op ‘e strún. Hjirûnder folget in stappeplan foar de learlingen.

Do wennest en/of giest nei skoalle yn in Frysk doarp of Fryske stêd. Alles dat dêr boud, delset of fersierd is en alles wat dêr bart, is troch minsken betocht. Hoe moai is it om dat ris wat better te besjen? Mei de ûndersykskaart sille jim sykje nei de kultuer by jim ‘op strjitte’, hiel tichtby dus. En it moaie is datst by dit ûndersyk help freegje meist fan doarpsgenoaten en famyljeleden.

De minsken yn dyn doarp of stêd foarmje mei-inoar in mienskip. Tagelyk makket de mienskip it doarp of de stêd. Taal, ferhalen, muzyk, keunst en sport kinne helpe om it gefoel fan byinoar wêzen te fersterkjen. Miskien hawwe der ek wol minsken (west) yn dyn omjouwing dy’t bekend wurden binne mei in útsûnderlik talint of troch in belangrike funksje. Is der in strjitnamme of park nei harren ferneamd? Hawwe dizze minsken in boek skreaun, yn in film of foarstelling spile, byldzjende keunst makke, by hokker muzyk of sport wiene sy belutsen? Faak sjochst yn in doarp of stêd ek ynfloeden fan oare plakken op ‘e wrâld. Dit kinst weromsjen yn de boustyl of funksje fan bedriuwen, gebouwen en hûzen. En wat is kenmerkjend foar it lânskip yn dyn wenomjouwing? Wat groeit der, hokker bisten binne dêr te finen, is it keal of stiet it fol beammen en wat seit dat oer de grûnsoarte? En binne der miskien ek strjitnammen dy’t wat sizze oer it lânskip?

Stap 1: Tarieding

Foarmje in groepke fan twa of trije learlingen. Breinstoarmje eefkes oer wêr’t jim allegear al oan tochten doe’t jim boppesteande tekst liezen of hearden.

Stap 2: Ferdieling

Neidat jim it boppesteande stikje tekst lêzen hawwe, beprate jim mei-inoar hokker groepke hokker ûnderdiel ûndersykje wol. Kinst kieze út:

- It doarp / de stêd en it lânskip
grûnsoarten, floara&fauna, bysûndere kenmerken, yndieling fan it lânskip troch natuer of minsken
- It doarp / de stêd en de mienskip
ferienings, sport, muzyk, (folks)ferhalen, feesten, gewoanten
- It doarp / de stêd en syn goud
betsjuttingsfolle minsken, keunst, lieten, boeken, wêr stiet jim wenplak bekend om?
- It doarp / de stêd en de wrâld
gebouwen, hûzen, strjitnammen (kin ek by a,b en c), bedriuwen, hannel

Stap 3: Oriïnteare

Sykje op it ynternet nei saken dy't hearre by jimme ûnderwerp yn kombinaasje mei jimme doarp of stêd. Is der in nijsgjirrich ferhaal te fertellen, wat is ergens de oarsprong fan, wêr komme guon nammen of keunstwurken wei, wat makket jim lânskip, doarp of stêd unyk?

Meitsje in kar yn wêr't jim fierder ûndersyk nei dwaan wolle. Skriuw alfêst wat stekwurden op yn de foarm fan in wurdwolk.

Stap 4: Undersyk

Jim hawwe no jimme ûnderwerp dúdlik foar eagen. It is tiid om fierder te sykjen.

Binnendoar:

- Besykje fia ynternet mear ynformaasje te krijen oer it ûnderwerp dat jimme útkeazen hawwe. Hast pinne en papier of in iPad/chromebook/laptop by de hân?
Meitsje oantekenings ast oan it ûndersykjen bist!
- Googelje op it doarp of de stêd en de omlizzende doarpen en buorskippen.
- Tsjek websiden fan it plak sels of fan de doarps- of stedskrant, Verhalenbank.nl, Tresoar, museum.frl, keunstwurk.nl, topotijdreis.nl of gean nei de biblioteek en musea as dy der binne.

Bûtendoar:

- No is it tiid om nei bûten ta. Is dyn ûnderwerp te besjen? Kinst der foto's fan meitsje of in ynfobuordsje oer fine? Kinst in persoan ynterviewe? Is der yts te lêzen of te hearren?
- Freegje ynfo by de sport- en muzykferiening fan jimme doarp of stêd, gean nei oft der in histoaryske feriening is, kinst de ûndernimmersferiening freegje, belûk oare bewenners of famyljeleden by jimme ûndersyk.

Ast genôch ynformaasje hast, bepraatst mei dyn master of juf oft jim trochgean kinne nei stap 5, de presintaasje!

Stap 5: Presintaasje

It ûndersyk hat moai wat ynformaasje opsmitten. Jimme witte no mear oer in ûnderwerp dat ferbûn is oan jimme doarp of stêd. Besykje in Frysktalige presintaasje ta te rieden foar jimme klasse. As it net slagget yn it Frysk, betink dan hoe't jim de Fryske taal in plak jaan kinne yn de presintaasje. Hjirûnder fynst in tal opsjes foar in kreative presintaasje mar meist fansels ek wat oars betinke.

Toaniel

Meitsje in toanielstikje. De útkomsten fan jimme ûndersyk komme yn dit toanielstik werom.

Tips foar rollen:

- In toerist dy't jim doarp of buert besiket
- In âlde man/frou dy't alles wit
- Gebouwen, stânbylden, beammen dy't prate

Ekspresje

- Meitsje in stripferhaal oer de útkomsten fan jimme ûndersyk.
- Meitsje in filmke, floch of podcast oer de útkomsten fan jimme ûndersyk.
- Meitsje in promoasjefilmke foar jim buert of doarp
- Meitsje in tentoanstelling oer de útkomsten fan jimme ûndersyk
(boetsearje, skilderje, mozayk of oars)
- Fertel in ferhaal by jim selsmakke byldzjende keunst

Muzyk

- Meitsje in liet of rap oer jim ûndersyk.
- Meitsje in ferhaal oer jim ûndersyk en betink dêr lûden en/of muzyk by.

Taal

- Meitsje in gedicht of ferhaal oer jim ûndersyk
- Skriuwer in artikel foar de krante oer jim ûndersyk
- Meitsje in ynformative muorrekrante oer jim ûndersyk

12/13/14. Poster

De fragen by de poster steane op side 14 fan de Tsjil. Fansels kinst noch folle mear betinke by de poster.

Yn petear: fertel inoar watst sjochst, stel inoar fragen, omskriuwer in ûnderwerp op de poster en lit de oare riede wat it is, gean it alfabet bydel; is der by eltse letter in plaatsje of aktiviteit te finen?

Skriuwer: betink in ferhaal. Lit dy ynspirearje troch de poster mar jou der dyn eigen draai oan. Wurdt it in ynformatyf ferhaal, spannend, grappich, ropt it fragen op? Let foarearst net op de stavering. It giet earst om de skriuwille, dêrnei kinst it ferhaal moaier meitsje en op it lêst kinst mei de stavering oan 'e gong.

Dichtsje: brûk de ideeën fan de Inktfluencer (sjoch by de opdracht fan side 4 út dit boekje)

Ekspresje: tekenje in sêne út dyn strjitte, doarp of stêd nei. Kinne/wolle de learlingen de sêne ek útspylje? Dan is it handich om in besteande tonieltekst te besjen (bygelyks 'Praat mar toaniel'). Hoefolle rollen binne der, hoe lang binne de sinnen, hokker wurden wurde der brûkt? Dêrnei kin it skreaune of tekene ferhaal útskreaun wurde as in toanieltekst.

15. Sydstrijtsje

Lit de learlingen útsykje wêr't de namme fan de strjitte weikomt dêr't se oan wenje of dêr't jimme skoalle oan stiet. Presintearje dit oan de klasse of sammelje de útkomsten yn in boekje foar âlden, it dosinteteam, in iepen dei op skoalle of de doarpskrante.

Binne der yn jimme doarp of stêd ek strjitten neamd nei ferneamde Friezen of doarps/stedsgenoaten?

16/17. It feroarjende lânskip

It is tige nijsgjirrich om ris nei in streekmuseum of bygelyks it Fries museum, Fries natuurmuseum of Tresoar te gean. Dochs kinst ek yn de klasse op syk nei feroaringen yn it lânskip. In tip is om nei www.topotijdreis.nl te gean. Dêr kinst lânskippen sjen fan no mar ek fan bygelyks 1826. Bestie jimme doarp of wyk doe al? Wat is der feroare? Hokker nammen binne feroare of just itselde bleaun? Wat fine de learlingen dêrfan?

18. Seeslaad sjips

It resept is sels út te fieren ast oan seeslaad komme kinst. Dochs kinne de learlingen nei oanlieding fan dizze rubryk ek sels in resept skriuwe. Wat is typysk Frysk of passend by dizze streek?. Lit de bern yn twa- of trijetallen in âlder, pake/beppe of doarpsgenoat freegje nei in resept en lit it se dêrnei opskriuwe (it leafst yn it Frysk). Besykje de stappen sa dúdlik mooglik te beskriuwen en betink wa't it publyk is.

Meitsje eventueel in resepteboekje mei de klasse of bepraat wat de mooglikheden binne om de resepten te meitsjen en de gerjochten te priuwen.

19. Leppelbekken

De film oer de leppelbekken is hjir te sjen: <https://npo.nl/start/fideo/de-leppelaar>.

Op de webside fan Vogelbescherming Nederland kinst in soad ynformaasje fine oer oare waadfûgels en plakken om fûgels te spotten.

Binne jim noch op syk nei in moai en edukatyf skoalreisje? Dan is de Natuurschool yn Lauwerseach in oanrieder!

20/21. Op 'en paad troch de gemeente

Fansels moasten wy foar Tsjil in kar meitsje yn wat wy wol en net opnimme koenen yn dit tydskrift. Dochs dogge wy noch graach in pear oare oanbefellings om natuer, keunst en kultuer yn de gemeente te belibjen:

Museum Dokkum, Fogelsangh State yn Feankleaster, it Ruurd Wiermsa hûs yn Burdaard en it Fiskershúske yn Moddergat. Krekt bûten de gemeentegrins fynst iepenloftmuseum De Sûkereij, dat it libben fan eartiids goed sjen lit. Alle musea binne te finen op www.museum.frl.

De terp fan de takomst by Blije, de Dyktimpel by Marrum, de Dobbepaarden (hynstemonumint), de âlde stasjons en spoaren fan de treinfeerbining 'it Dockumer lokaaltsje', it byld 'Wachten op hoog water' by Holwert op de dyk, ferskillende betink-monuminten by de seedyk, Esonstêd, de slûs by Ezumasyl, oarlochsmonuminten, it Bonifatiuspark mei de kapel, (âlde) tsjerken en mûnen, restanten fan molkfabriken, en gean sa mar troch. Der is sa'n soad kultureel rykdom yn Noardeast-Fryslân. En dan hawwe wy it noch net iens oer de lieten, boeken en folksferhalen út dizze regio.

Help pake en beppe de vakantie door

Musea yn hiel Fryslân iepenje yn de foarjiersfakânsje harren doarren, spesjaal foar bern. Der wurde allegear aardige aktiviteiten organisearre. Bern meie fergees nei binne as sy in folwoeksene meinimme. Mear ynfo: <https://www.museum.frl/activiteiten/pakebeppe/>

22. Puzelside

Doch mei oan de trochstreekpuzel en win in moaie priis, dy't de gemeente beskikber steld hat. De oplossing kin stjoerd wurde nei tsjil@cedin.nl

Binne jim op syk nei mear trochstreekpuzels en sudoku's? Sjoch dan op www.cedinonderwijs.nl/tsjil foar foarige edysjes fan Tsjil. Achteryn stiet alle kearen in puzelside.

23. Wedstriid

De wedstriid bestiet út twa eleminten; in fotowedstriid en in haiku-wedstriid.

Eftergrûn ynformaasje oer haiku's:

Alle haikû's noch oan ta!

By it skriuwen fan in gedicht tinksto miskien oan Sinteklaas mar dat hoecht fansels net. Gedichten kinst oeral oer skriuwe. Guon gedichten binne hiel koart of lang, rymje wol of net, binne grappich of krekt serieus.

In haikû is in foarm fan Japanske poëzy dy't bestiet út trije rigels dy't net rymje. Lekker maklik en gau klear silst tinke. Wy daagje jim graach út om dizze manier fan dichtsjen ris te besykjen!

Dichtsjen

In gedicht skriuwe kin op ferskillende manieren. In gedichtsje is eins in koart ferhaaltsje. Yn in pear wurden besikest in hiel soad te sizzen. Ik moaie is dat in gedicht oeral oer gean kin. Kinst hiel goed foar in spesjale gelegenheid skriuwe, mar ek omdatst graach kreatyf mei taal oan 'e gong bist.

Der binne in hiel soad soarten gedichten. Sa kin in gedicht in doel ha (sa as in leafdesgedicht), in eigen foarm ha (tink oan in limerick), in gedicht kin in fêststeande lingte ha (in bepaald oantal rigels of lettergrepen), mar do kinst dy ek lekker neat oanlûke fan al dy regels. It is wol belangryk dat de wurden moai byinoar passe en dat der in bepaald ritme yn sit. As in gedicht moai rint, kinst it meastentiids ek sjonge. Wy sille no fierder mei de dichtfoarm *haikû*.

In stikje skiednis

Haikû's waarden populêr troch de ferneamde (beroemde) Japanske dichter Basho (1644-1694). Hy soarge derfoar dat de minsken yn Japan mei poëzy kennis makken. Basho, dy't eins Matsu Kinsaku hjit, kaam yn it leger fan de keizerlike Yoshita-famylje. Doe't hy 28 jier wie makke hy him dêrfan los en gie er mei syn folgelingen troch it hiele lân op paad. Hy skreau syn gedichten net op, mar droech se foar. Syn folgelingen ha dy opskreaun. Oant syn betocht Basho ferhalen en gedichten.

Dichtfoarm

In Haiku bestiet dus út trije rigels en giet oer gewoane dingen, sa as it waar, natuer, famylje of wat'st meimakke hast. De earste rigel bestiet út fiif wurdlidden (lettergrepen), de twadde rigel út sân en de tredde wer út fiif wurdlidden. Besykje it mar ris. Dêrby soe it moai wêze ast al in bytsje in lyts ferhaaltsje fan dy pear wurden meitsje kinst.

24. Strip

De strip op de efterkant is makke troch Skelte Siweris Braaksma fan Marrum. Syn webside is: <https://linktr.ee/skeltebraaksma>

In keunstner kin in besite bringe oan jimme skoalle (basis- en fuortset ûnderwiis). Sa is Skelte û.o. belutsen west by it Keunstryk-projekt folksferhalen by it Carmel College yn Hurdegaryp.

Keunstryk bringt boeiend (meartalich) taalûnderwiis en heechweardich kultureel ûnderwiis op in ynspirearjende wize byinoar. Skoallen dy't kieze foar Keunstryk kieze foar in iepen proses wêrby't gearwurkjend learen, ûntdekking en skepping sintraal steane. De fraach dy't de skoalle oanpakke wol, leit fêst. De útkomst net. In Keunstryk is altyd ferbûn mei de wenomjouwing fan 'e learlingen en wurdt ûntwikkele troch ko-kreaasje tusken de skoalle, learkrêften, keunstner en taalekspt. Keunstryk is beskikber foar sawol it basis- as it fuortset ûnderwiis en makket diel út fan it Taalplan Frysk..

Hawwe jim ynteresse yn in keunstryk op skoalle? Sjoch op: <https://keunstwurk.nl/fy/initiatief/keunstryk/>

Algemien

Dizze útjefte fan Tsjil, de lesbrief en de poster binne de finen op: www.noardeast-fryslan.nl/landschapsbiografie

Foar fragen kinne jo kontakt opnimme mei tsjil@cedin.nl